



IN KUEROARD FOL MEI STRESS

(Stress in Spa & Wellness Hazenberg!)

Klucht yn trije bedriuwen

troch

NICO TORRENGA

Fryske oersetting fan

Griet Reitsma-de Jong

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-Mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IN KUEROARD FOL MEI STRESS - STRESS IN SPA & WELLNESS HAZENBERG!** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NICO TORRENGA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2020 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.

PERSONAAZJES:

*Joris Hazenberg - eigner kueroard

*Floris Hazenberg - twillingbroer fan Joris (*deselde spiler as Joris*)

Geartsje Straatman - meiwurkster

Aaltsje Smid - gast

**Petra Smid - har suster, gast

Truida de Winter - gast

Pim v.d. Beek - gast

***Sprekker - foar oanfang fan it stik

(4-3 dames, 2-3 manlju)

* *Dûbelrol*

***De rol fan Petra soe mei wat lytse oanpassingen ek troch in man spile wurde kinne. Sy wurdt dan de broer/man fan Aaltsje.*

****Sprekker is in lyts roltsje. Soe de foarsitter as gasthear/gastfrou fan de lokaasje dêr't it stik spile wurdt dwaan kinne. Dizze rol moat, ôfhinklik fan de lokaasje, miskien wat oanpast wurde.*

DEKOR:

Yn 'e midden in iepening. Nei links is de yngong en nei rjochts nei alle keamers fan it kueroard. Rjochts efter stiet de baalje en oan de rjochter sydkant is in doar nei salon/kantoar. Links foar 1 as 2 sitsjes mei elk 3 stuollen. It toaniel is moai oanklaaid, sa't jo yn in kueroard sjogge. Links tsjin de wand 2 pylders mei in grutte pot mei bygelyks orchideeën. Op de baalje ek in pot mei in orchidee. Op de achtermuorre yn de iepening sierletters mei Kueroard Hazenberg.

EARSTE BEDRIUW

(Foardat it doek iepen giet wurdt der by it iepeningswurd in ferlotting holden yn ferbân mei it jubileum fan de toanielferiering. De priis (fan te foaren net bekend meitsje) is in wykein nei in kueroard foar twa persoanen. Elkenien kriget by de doar in lotsje mei in nûmer. Dizze lotsjes gean fansels net yn 'e doaze, want dêr sit allinnich Truida har lotsje yn! Efteryn de seal sitte, sa ûnopfallend mooglik, Truida de Winter en har freondinne Aaltsje Smid)

SPREKKER: *(docht earst in ferhaal oer it jubileum/sels betinke)* No hat elkenien by de doar in lotsje mei in nûmer derop krigen. Yn dizze amer sitte alle nûmers dy't útjûn binne. Ik sykje der no ien lotsje út en dat is de winner fan de jubileumpriis. En de winner is... .. *(foarôf regelje)*

AALTSJE: *(pittige tante/lûd en dúdlik)* Och dat is spitich, ik ha nûmer....

TRUIDA: *(bytsje joalich type)* Ho even ...ha ik??? *(moat it lotsje noch út har tas helje)* Dy fan my sit noch yn myn taske ...even sjen, hear.

AALTSJE: Neffens my hasto lotnûmer ... Truida!

TRUIDA: Ja, ik leau it ek! ...Jaaaaaah *(hielendal út 'e skroeven)* Oooo, wat moai.

AALTSJE: *(publyk derby belûke)* No, de jûn begjint goed. *(laket)*

TRUIDA: Hearken, wa hie dat no tocht! Ik win oars noait wat. *(sprekker freget de froulju nei foaren te kommen, freget applaus fan it publyk, freget harren nammen, lokwinket Truida. Truida docht krekt as hat se de jackpot wûn)* Tank 'e wol, tank 'e wol. O, wat moai, net?! En dan wit ik noch net iens wat ik wûn ha. Och heden Hidske, wat in konstipaasje! *(bedoelt konsternaasje)* Ik hoopje al dat it de muoite wurdich is. Ik krij gewoan de senuwen derfan. Wy ha noait gelok!

SPREKKER: *(laket)* Wol gelok yn 'e leafde dochs, dames?

TRUIDA: Gelok yn 'e leafde? *(de froulju sjogge elkoar oan en begjinne dan lûd te laitsjen)* Man, praat my der net fan!

SPREKKER: Mar jo binne dus wol troud?

TRUIDA: Jawis, ik wol ...al jierren.

SPREKKER: En wie it leafde op it earste gesicht?

TRUIDA: *(laket)* Och hearken nee, beslist net. Leave santjin, wat fûn ik him in lilkert. Hy is lang en sa meager as in rûk, hy hat flapearen, de toskan skots en skeef yn 'e mûle en in grouwe kokkert fan in noas. Mar ja, de moaie mannen wiene allegear al fersein, dat ik moat it der mar mei dwaan! Jo moatte in kear fan 'e dyk, is 't net sa?

SPREKKER: *(wit net hoe't er der mei oan moat)* Mar hjoed is it jo geloksdei, want jo winne in wike spa.

AALTSJE: O Truida, wat moai!

TRUIDA: *(sjocht wat ûnnoazel)* De watte?

SPREKKER: In wike spa!

TRUIDA: *(teloarsteld)* Spa, sizze jo? No, dat falt my dan wer ôf. Win ik einlings in kear wat, win ik Spa! Ik fyn dy rommel net te sûpen.

SPREKKER: *(laket)* Gjin mineraalwetter mefrou, jo gean nei in kueroard. Dat neamt men ek wol in spa.

TRUIDA: En wat moatte wy dêr dwaan dan? Ik hoech hielendal gjin kuer, ik bin sa sûn as in fisk.

AALTSJE: *(laket)* Nee Truida, dat bedoelt dy man net.

SPREKKER: Yn in kueroard krije jo skjintmebehandelingen en massazjes en der is ek grif wol in kapsalon, in sauna en fansels lekker sûn iten. It is in wike foar twa persoanen. *(oerlanget de weardebon)*

AALTSJE: Oh Truida, machtich! Kinne wy dêr moai tegearre hinne.

TRUIDA: *(sjocht har ferheard oan)* Tegearre? Neffens my ha ik dy priis wûn.

AALTSJE: Do tinkst dochs net dat dyn Hendrik mei nei in kueroard giet?

TRUIDA: *(ferheard)* En wêrom net?

AALTSJE: *(laket)* Dat is ommers neat foar him. Ik sjoch Hendrik dêr echt net yn in badjas omrinnen en al hielendal net yn in swimbroek. Neffens my soe er de swimbroek sels noch oer syn wollen lange ûnderbroek hinne dwaan!

TRUIDA: *(laket/befêstigjend)* Ja...ja... dy is dea benaud om kjeld te skypjen. Dy is altyd like kâld as in keal skeard skiep. As er jûns op bêd giet en syn gebit yn it bakje op it oanrjocht setten hat, dan klappert it noch! *(beide laitsje)*

SPREKKER: No dames, ik soe sizze genietsje fan de priis en lit ús witte hoe't jim it hân ha.

TRUIDA: Ja, dat sil ik dwaan. Tige tank. *(rinne fuort en betinkt dan ynienen wat)* Wannear is it eins?

SPREKKER: Wannear't jo wolle, mefrou. De weardebon is ûnbeheind jildich.

TRUIDA: O, dat is moai. No, dan lit ik Hendrik moai thús en dan gean wy tegearre, Aaltsje. *(dames gean ôf, mar bliuwe praten oant se ôf binne. Sprekker winsket it publyk in noflike jûn en it doek giet iepen. As it doek iepen giet sjogge wy Joris drok oan it wurk)*

JORIS: Even sjen oft der ek bysûnderheden binne. Petra Smid, moat wat kilo's kwyd sjoch ik. No, dat regelje wy, frou Smid. Jo binne by ús oan it goede adres. Oan 'e ein fan 'e wike binne jo in stik lichter *(makket in jild gebear mei de fingers)* yn jo beurs.

GEARTSJE: *(sleau fanke/altijd wurch, komt gapjend midden links op. Sjocht der ûnfersoarge út, it hier stiet alle kanten út)* Moarn.

JORIS: *(fleurich)* Goemoarn sinnestrieltsje. *(besjocht har)* Wat sjochst der hjoed wer hearlik fris út.

GEARTSJE: *(gappet)* Tank 'e wol.

JORIS: Ast mar net mienst dat ik dy sa op 'e wurkflier ha wol.

GEARTSJE: *(ferheard)* Huh? Wêrom net?

JORIS: Wêrom net, freget se. Mins, besjoch dysels ris yn in spegel. Neffens my bisto sa fan bêd rûgele en streekrjocht hjirhinne kommen.

GEARTSJE: *(grutsk)* Ik ha myn hier mei sin sa fôhnd.

JORIS: Och leave, en doe is dyn fôhn ûntploft?

GEARTSJE: Ik fyn it sa oars wol moai.

JORIS: No, ik net! Do giest noch mar even wat oan dyn kapsel dwaan. En wat make-up kin ek gjin kwea. En doch wat oars oan...

GEARTSJE: *(bytsje eigenwiis/saluearret)* Ja baas.

JORIS: In bytsje mear entûsjasme mei wol, dame! Ik ferwachtsje mear ynset fan dy. Giet dat slagjen tinkst?

GEARTSJE: *(lakonyk)* Grif wol baas.

JORIS: Tsjonge noch ta, al hiest mar de helte fan de enerzjy dy't ik ha, dan soe dat al in stik skele.

GEARTSJE: Tink do mar wat mear om dyn súnens.

JORIS: Och, ik ha it altyd smoardrok, ik bin net oars wend. Sels yn 'e sliep ha ik it noch drok en kom ik tiid tekoart.

GEARTSJE: Dochs fyn ik datsto der no en dan ek even út moatst.

JORIS: Ik der even út? En dan? Wa docht myn wurk dan? *(laket)* Do? Dat liket my net goed ta!

GEARTSJE: *(teloarsteld)* Tinksto dat ik dat net kinne soe?

JORIS: Wat tinkst sels? Do bist no al wurch en dan moat de dei noch begjinne.

GEARTSJE: No ja, ik wit dat ik net mear de jongste bin, mar ik sis mar sa: "Nije biezems feie skjîn, mar âlde biezems kenne alle hoeken en hernen".

JORIS: Och, dat is ek sa.

GEARTSJE: Us mem sei eartiids ek altyd al dat ik in oare oanpak nedich ha.

JORIS: Dat is noch myld útdrukt!

GEARTSJE: Mar dat jildt ek foar dy!

JORIS: *(ferheard)* Wat bedoelst dêrmei?

GEARTSJE: No, wat ik te min ha, hasto tefolle.

JORIS: Ik wit dat ik soms te hurd wurkje, mar as ik dan nei myn broer sjoch dan bin ik dochs in stik rêstiger.

GEARTSJE: Do wol ja. (*laket*) Mar wat dyn broer oanbelanget hasto gelyk. Dy adhd'er is sa fluch, dat as er rûntsjes om in tafel drave soe, dan kin er himsels op 'e rêch skriuwe.

JORIS: Ik mei dan wat drok wêze, mar do bist leaver kâld as wurch!

GEARTSJE: (*gnysket wat*) Leuk hear! No... ik sil my earst mar even ferklaaie. (*giet rjochts ôf*)

JORIS: It is dat se in fêst kontrakt hat, mar oars... Soa, no earst sjen oft se de sauna wol goed skjin makke hat en oft de handoeken wol byfolle binne. (*midden rjochts ôf*)

GEARTSJE: (*rjochts op, de tillefoan giet*) Wat ik dy noch freegje woe.. o, hy is der net. (*nimt gapjend de tillefoan op*) Spa & Wellness Hazenberg, wat kin ik foar jo dwaan? Oft wy ek yogales jouwe? Nee, op dit stuit even net... Ja, massaazjes wol en jo kinne foar in skjintmebehandeling arranzjemint kieze. Wat it kostet? (*ûnferskillich*) Ik soe it net witte. Dat stiet wol op ús webside... Googelje it mar even! Sa dreech is dat dochs net? Graach dien hear, goeie hear. (*suchtet en gappet. Pim komt midden links op*) Yogales, doch normaal mins. Sweverich gedoch. Hoe krije jo it yn 'e plasse om in healoare op ien foet stean te gean. Je ha ommers net foar neat twa krigen.

PIM: (*glêde prater/ sjocht de saaklik út*) Goemoarn.

GEARTSJE: (*ûnder de yndruk fan Pim*) O, eh goeie menhear.

PIM: Doe hiest it krekt oer yoga. No, dat is ek neat foar my hear.

GEARTSJE: It skynt goed foar de ûntspannings (*bewust ferkeard sizze*) te wêzen, mar as ik der allinnich mar oan tink wurd ik al wurch.

PIM: (*laket*) Ik hâld ek net fan dat sweverige gedoch, mar even ûntspanne op syn tiid fyn ik wol noflik. Ik ha in hiele drokke baan sjoch!

GEARTSJE: (*ferlegen*) Wat foar wurk docht menhear?

PIM: Sis mar Pim hear.

GEARTSJE: No fuort dan mar, Pim. (*gychelet*)

PIM: Ik bin accountmanager by de Nasjonale Volksbank. Ik behear de finânsjes fan hiele rike klanten.

GEARTSJE: (*ûnnoazel*) Do moatst op de sparpot passe?

PIM: (*hat yn e gaten dat se net al te snoad is*) Eh, ja... sokssawat.

GEARTSJE: Dan kinst wol wat ûntspannings brûke.

PIM: Dat is sa, ja. Ik ha sels in jier ûnбетelle ferlof nommen. Miskien nim ik hjir wol tydlik in baantsje. Gesellich wat mei moaie froulju lykas dy om my hinne. (*knypeaget nei Geartsje*)

GEARTSJE: (*hielendal ferlegen*) Wy ha wol in fakatuere iepen stean foar in yoga learaar. (*laket*)

PIM: (*laket ek*) No, dat moat mar net. Dêr komme ûngelokken fan.

JORIS: (*midden rjochts op*) Goemoarn, menhear.

PIM: Goemoarn, Pim van de Beek is de namme, mar sis asjebleaf Pim.

JORIS: *(stelt him foar)* Jo binne moai op 'e tiid... ik sil jo earst even ynskriuwe en dan bringt Geartsje jo nei jo keamer. *(regelt wat papier wurk)*. As jo hjir even tekenje wolle. *(Pim docht dit)* En dan hie ik graach in creditcard fan jo hân foar de betellings-garânsje.

PIM: Mar fansels. *(siket yntusken om syn beurs)* Och, dy leit noch yn myn auto. Ik sil him even helje. Ik bin hjir sa wer. *(midden links ôf)*

JORIS: Spontane fint, hin? *(Geartsje drok mei har mobyltsje)*
Hallo...immen thús?! Ik sei, spontane fint, dy Pim!

GEARTSJE: *(ferlegen)* Ja, yndie.

JORIS: Ik mei dochs hoopje datst hjoed wol in bytsje alert bist.

GEARTSJE: Ha mar gjin noed, ik doch myn wurk krekt-en-allyk as oars.

JORIS: *(yn himsels)* Dêr wie ik al bang foar... *(efter de kûlisen heart men de stimmen fan Pim en Truida)*

PIM: Sa, dêr wie ik al wer.

TRUIDA: *(Is tige wantrouwend nei Pim)* Ja en ik bin der ek. *(Floris begroetet Truida, Geartsje ûnynteressearre)*

PIM: Ik kaam mefrou by de yngong tsjin.

TRUIDA: Ja en hy pakte my fuort myn koffer ôf.

PIM: *(laket)* Se tocht dat ik him stelle woe.

TRUIDA: *(synysk)* Ja laitsje mar, mar je witte tsjinwurdich mar noait.

PIM: Sjoch ik der sa krimineel út dan?

TRUIDA: No, uterlik seit neat. Yn 'e polityk binne se ek allegear strak yn it pak en dêr sitte ek hiel wat minsken tusken dy't it saneamd goed bedoele.

PIM: *(laket)* Och, mefroutsje dochs. Wat tinke jo wol net fan my.

TRUIDA: Ik ha gjin idee, mar oant no ta noch net folle bysûnders.

PIM: Wat hat jo hjir brocht?

TRUIDA: *(ûnnoazel)* De bus.

JORIS: Ik tink dat Pim bedoelt wêrom't jo hjir binne.

TRUIDA: O, fansels. Ik kom hjir om te lakseren. Ik bedoel om te relaxen! Ik ha in hiele grutte priis wûn. *(Pim is ynienen hiel bot ynteressearre)*
Dus ik nim it derfan... Jild spilet ommers gjin rol.

GEARTSJE: En dan komst mei de bus?

TRUIDA: Jawis...wat in lúkse, hin?!

JORIS: Frou de Winter, is it net sa?!

TRUIDA: Kloppet, mar sis mar gewoan Truida, hear.

JORIS: Ik sil earst menhear even fierder helpe mei ynskriuwen en dan kom ik by jo.

PIM: Mei ik ek cash betelje, ik ha myn creditcard fergetten. *(pakt jild út syn binnenbûse/Geartsje is djip ûnder de yndruk)*

TRUIDA: Toe mar, dat is in flink pak jild. Ik soe der mar goed op passe as ik jo wie.

PIM:, Och, ik bin it wend om in soad jild by my te hawwen.

JORIS: Dan is dit dyn kaai. Do hast keamer 6.

GEARTSJE: (*bytsje optwingerich*) Sil ik dy nei dyn keamer bringe, Pim?

PIM: Graach Geartsje! Wy sjogge elkoar grif noch wolris, Truida! (*gean tegearre midden rjochts ôf*)

TRUIDA: (*sjocht him liik nei*) Bin ik wol wend, pfff, swetser.

JORIS: Ik sil jo ek even ynskriuwe frou de Winter.

TRUIDA: Truida ...sis mar gewoan Truida en dat ynskriuwen hoecht net. De (*sels ynfolje*) betellet dizze wike en ik ha myn freondinne Aaltsje útnoadige. Har suske (*as broer/man*) komt ek, mar sy betellet sels.

JORIS: Dus as ik it goed begrepen ha, is jo man net mei?

TRUIDA: (*laket*) Dat kloppet. It like him mar neat. Hy hâldt net fan gefimel oan syn liif.

JORIS: Sadwaande ha jo jo freondinne útnoadige en har suster hat ek boekt.

TRUIDA: Aaltsje har suske Petra is fierstente swier en om't Aaltsje de âldste is en oer har sûnens ynsit, hat Petra neat te wollen en moat se mei!

JORIS: Ja just... No, prima. Ik sil jo even nei jo... eh.. dyn keamer bringe.

TRUIDA: Dochs wol neist dy fan Aaltsje?

JORIS: Ja hear. Do hast keamer 7 en Aaltsje hat keamer 8 en oan de oare kant sit Pim yn keamer 6.

TRUIDA: (*yn harsels*) No, dan mei de doar wol goed op 't slot. Ik fertrou him foar gjin sint. (*gean tegearre midden rjochts ôf/ poadium even leech, efter de kûlisen is it foeterjen fan Aaltsje en Petra te hearren, se komme mei 2 koffers midden links op*)

AALTSJE: (*pittich type, beskoalmastert har suske/broer ferskriklik*) Och, stel dy net sa oan. It wurdt grif in moaie wike!

PETRA: (*stevich postuer, eventueel in 'dikmaakpak' ûnder de klean. wrâldfrjemd, ûnderdienich oan Aaltsje*) Ja, foar dy wol, mar foar my wurdt it in hel.

AALTSJE: In wike fêstje kin foar dy gjin kwea.

PETRA: Neamsto dat fêstje? Ik neam soks hongerlapje.

AALTSJE: Do bist in oanstelster. Miskien stean der wol hiele lekkere dingen op it menu.

PETRA: (*synysk*) Grif in flitterke fleis op in bedsje fan slaad, mei twa dopearten en ien krieltsje derby en in pear spatterkes reade bitesaus dêr om hinne om it ôf te meitsjen.

AALTSJE: Oerdriuw net sa. (*pakt de menukaart fan it taffeltsje*) No, sjoch hjir ris. Stoomde simmergrieten mei krûden en quinoa mei posjearde salm.

PETRA: Qui.. watte?

AALTSJE: Quinoa is in soarte fan graan.

PETRA: Harrekrastes ...Dy rommel giet my altyd tusken de toskes sitten.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto